

Sneon 29 oktober 2022 om 13.30 oere

## van Sinderen / van Zinderen


### troch Marinus den Dekker

Op 19 maaie 2018 is it famylje boek **Van Sinderen / Van Zinderen, het begon in 'de IJzeren Hoet'** presintearre yn 'e tsjerke fan Beetstersweach. Yn dizze tsjerke hat dûmny Ulbe van Sinderen tsjinne fan 1715 oan't syn dea yn 1753. Fan him stamme alle hjoeddeiske sibben yn Fryslân en om útiens. Benammen syn pakesizzer Sipke, smid te Holwerd sûnt likernôch 1770, hie in grut neiteam yn 'e Dongeradielen. De mem fan 'e skriuwer wie der ien fan.

De famylje begûn al folle earder. Mei in soldaat, dy't om 1607 hinne berne is, yn it hûs 'de IJzeren Hoet' te Utert wenne, en 1630-1635 nei it noarden ta kaam. It boek omslacht de skiednis fan dizze famylje yn fjouwer ieuwen en de oanrin dêrhinne. It stelt ek de komôf fan de namme oan 'e oarder, lykas in mooglike ferbining mei de aadlike Van Sinderen's yn Gelderlân tusken 1181 en 1458.

Mei dy famylje skiednis op 'e eftergrûn sil de lêzing fan dizze middei rjochtsje op: mobiliteit fan minsken yn eardere ieuwen.

*Marinus den Dekker (1950) wie dûmny yn Hantum en Foudgum c.a. 1973-1979, yn Koudum 1979-1984, te Brielle 1984-1993, en oan't syn emeritaat yn 2015 ta yn 'e Grutte as ús Leaffrou Tsjerke fan Dordrecht. Hy hat troch de jierren hinne mear publiceare op teologysk en genealogysk mêd.*



**Belangstellenden binne fan herte wolkom op dizze gearkomste!**  
*De lokaasje is de Gysbert Jabicxseal yn Tresoar, Boterhoek 1, Leeuwarden.*  
*Oanfang 13.30 oere. Tagong is fergees.*  
*Sjoch ek op de webside: <https://www.fryske-akademy.nl/nl/genealogy>*